



Z276687-2020

MOASJE

Art. 49 RfO

- ☐ Moasje nei oanlieding fan agendapunt nû. 7 yn de riedsgearkomste fan 18 febrewaris 2021

De ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn gearkomste byinoar op tongersdei 18 febrewaris 2021

Underwerp: Akwatermy yn Noardeast-Fryslân

De Ried,

heard it beried,

oerwaagjend dat:

- de RES-opjefte foaral út sinne- en wynenerzjyopbringsten bestiet;
- akwatermy sawol mei oerflakte-, drink-, ôffal- en rioelwetter opwekke wurde kin;
- akwatermy mooglik yn 60% fan de regionale waarmtefraach yn Fryslân foarsjen kin;
- Noardeast-Fryslân in wetterryk gebiet en dus in gaadlik opwekgebiet is;
- akwatermy stadichoan posityf omearme wurdt troch sawol provinsje as wetterskip;
- it binnen de enerzjyambysjes fan de riedsagenda Noardeast, it koalysjeakkoart Noardeast en it bestjoersakkoart provinsje Fryslân past;
- it (lokale) bedriuwslibben de potinsje fan akwatermy yn Noardeast ek sjocht;

fan miening dat:

- akwatermy goed yn it Fryske lânskip mei har plattelânskarakter passe kin;
- akwatermy oanslút by de winsken fan de mienskip;
- akwatermy in gaadlik alternatyf is foar ierdgas;
- akwatermy it elektrisiteitsnetwurk minder belêstet en der net folle romteopslach yn de beboude omjouwing nedich is;
- de ûntwikkelingen fan akwatermy in positive ympakt ha kinne op ûnderwiis, wurkgelegenheid en ynnovaasje;
- it positive ekologyske effekten op it wettersysteem hat;
- akwatermy helber, betelber en technysk trochûntwikkele is;

fersiket it kolleezje:

- te ûndersykjen hokker mooglikheden der yn Noardeast-Fryslân binne om akwatermy te ûntwikkeljen;
- te besjen oft der yn Noardeast-Fryslân mooglikheden binne om, as earste Fryske gemeente, in pilot út te rôljen;
- as gemeente dêrby safolle as mooglik de gearwurking mei ANNO-gemeenten, provinsje, wetterskip, bedriuwslibben, ûnderwiis en ekspertizesintrum ECW te sykjen;
- de ried hjiroer te ynformearjen,

en giet oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinne troch: B. Koonstra (FNP), S!N, VVD, ELP-NEF, CU, PvdA en GROEN nof

Stimming	Foar: FNP (5), S!N (4), VVD (3), ELP-NEF (1), CU (4), PvdA (1), GROEN nof (1) =, GBNF (2) = 21	Tsjin: CDA (7), ALL (1) = 8
Moasje oannommen		

Sa besletten troch de ried fan de gemeente Noardeast-Fryslân yn syn iepenbiere gearkomste fan 18 febrewaris 2021.

De ried niisneamd,
de griffier,

de foarsitter,

mr. S.K. Dijkstra

mr. J.G. Kramer